

Tsjil

Tema: Berneboekewike

Jiergong 27 | nûmer 2 | oktober 2023

Lampke

By ús thús

Sophie lêst braille



Ynhâld

5

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

Der op út 6

No sa! 7

LinKKe side 8

Lêsbingo 9

Koart ferhaal 10-11

Tsjille Fragen 12-13

Tsjek dit! 14-15

Keunstner yn dy 16-17


Net te leauwen 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20



10



14



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2023-2024:

Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassespakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

TÛZEN NIJE WURDEN YN IT JIER?!

BBA

Hawwe jim wolris heard fan de BBA, oftewol de berneboeke-ambassadeur? Miskien hat se al by jim op skoalle west mar it kin ek wêze datst har noch net kenst. De earste BBA wie Lida Dykstra en sûnt dit jier is dat Tialda Hoogeveen. Sy komt graach by jim op skoalle om jim mei te nimmen yn moaie ferhalen mar ek om fragen te beäntwurdzjen en de nijste boeken sjen te litten. Tialda hat my ferteld dat ast in kertierke op in dei lêst datst dan mear as in miljoen wurden it jier lêst! Do learst der ek nochris in soad fan want mei dat kertierke op in dei learst wol tûzen nije wurden it jier. Hokker boek silsto lêze yn de berneboekewike?

Lêze mei in beheining

Der binne fansels ek bern dy't net samar nei in ferhaal harkje kinne, bygelyks ast dôf of min hearrend bist. Ast dôf bist en sels noch gjin wurden lêze kinst, binne der boeken mei gebaretaal en ek filmkes dêr't it boek mei gebaretaal foarlêzen wurdt. Yn dizze Tsjil komme wy yn 'e kunde mei Sophie, dy't boeken lêst yn braille. Sy is blyn en kin my har fingers fiele hokker wurden yn it boek steane. Hjirûnder stiet it braille-alfabet. Yn it echt binne dat bulstjes want oars kinst se fansels net fiele. Kinsto mei help fan dit alfabet ûntdekke hokker wurd op side fiif stiet?

Berneboekewike


De berneboekewike hat dit jier as tema 'By ús thús'. Yn dizze Tsjil stiet it earste haadstik fan it boek *Lampke*. In prachtich ferhaal ast it my fregest. Lampke wennet mei har heit yn in fjoertoer en sy moat alle dagen mei lúsjeferers nei boppe om it fjoer oan te stekken. Op in dei is de lúsjeferers op en it stoarmet bûten. Dat hat grutte gefolgen!

Wolsto it boek *Lampke* of oare moaie boeken besjen, ferhalen en muzyk hearre, nifelje of gewoan in gesellige dei belibje? Kom dan op 15 oktober nei Terherne want dêr wurdt de jierlikse Kinderboekendag organisearre.



Lekker lêze!

Groetnis, Tjitske



Ferhúzje

No binne wy alwer ferhuze!
En da's al foar de fjirde kear.
Wy krije hieltyd moaiere huzen,
mar foar my hoecht it al lang net mear.

Us heit syn wurk dat is de oarsaak.
Hy makket ivich karriêre.
Konstant op jacht nei stân en status,
mar syn karriêre is myn misêre.

De buorlju binn' al wer wat sjiker.
't Is hjir in buert fan kâlde kak!
Mem bridget en tennist en jout party's
en heit seit: 'Hjir binn' wy teplak.'

Mar ik sit op myn nije keamer
oeren te stúmjen foar it rût.
'k Haatsje dit rothûs en dit rotplak!
As ik myn sin die, naaide ik út.

'k Mis myn âlde freonen, bin wér allinne.
Op skoalle ha 'k it min nei 't sin.
Yn 'e klasse kom ik der net tusken,
omdat 'k dêr wer 'dy nije' bin.

En ek al ha 'k in lúkse keamer,
mei nije meubels, balkon en dûs,
it fljocht my oan! 'k Sjit it balkon op
en raas oer dy kakbuert: 'Ik wol nei hûs!'





Wat no, wie de inkt op by it print-sjen fan dizze tekst? Nee hear, dat heart sa. Dy puntsjes foarmje wurden. En de 11-jierrige Sophie Slager fan It Hearrenfean kin dat lêze!

Dy stipkes binne braille: it skrift dêr't minsken dy't min sjogge of blyn binne mei lêze. 'It binne allegear hiele lytse bobbeltsjes dy't út it papier omheech stekke. As dy yn in bepaalde foarm stean, foarmje se letters. Ik fiel de letters mei myn fingers en kin sa hiele sinnen lêze', leit Sophie út.

'It is berneboekewike.' Dat is wat hjirboppe yn braille stiet. Yn de berneboekewike wurdt der ekstra oandacht jûn oan Nederlânsktalige én Frysktalige boeken. Mar lêze mei de eagen is net foar eltsenien fanselsprekkend. Sophie docht dat krekt wat oars.

Oer hiele wrâld itselde

'Braille is foar my hiel normaal', fertelt Sophie. Sy waard mei min sicht berne en ferlear net folle letter har folsleine sicht. 'Doet ik fjouwer wie, learde ik dêrom braille. Grappich feitsje: bern dy't sjen kinne, kinne grutte letters makliker lêze. Mar yn braille is dat just net sa', seit Sophie. 'Hoe grutter de letters, hoe langer ik deroer doch om in letter te fielen. Dêrom binne brailleletters ek oer de hiele wrâld like grut.'

Sophie lêst ek noch op in oare manier. Of harket eins. 'Ik set eltse dei wol in harkboek op.' Dat is in boek dat ynsprutsen is en datst ôfspylje kinst. 'Dêr gean ik altyd lekker foar sitten, yn myn favorite stoel of op de bank. Hoe't de stim klinkt, makket my net út. Ik genietsje fan it ferhaal.'

Brailleletters binne oer de hiele wrâld itselde. Ek yn talen dy't in oar alfabet ha, lykas it Sineesk of Arabysk. Allinnich Arabysk braille lêze je fan rjochts nei links. De brailleletters foarmje fansels wol yn eltse taal wer oare wurden.



Fantasywrâld

Harry Potter, de boeken fan Roald Dahl, de Koning van Katoren. Ferhalen dêr't Sophie hielendal yn opgean kin. 'Ik hâlde fan fantasy. Dan kin ik my hielendal ferpleatse yn oare wrâlden en bysûndere personaazjes. Mar eins fyn ik alle boeken leuk!'


Sophie krûpt ek regelmjittich mei heit of mem op de bank. 'Dy lêze my dan foar. Dat fyn ik hiel fijn en foaral hiel gesellich!' Sophie folget ek graach it nijs. 'Ik ha in abonnemint op de Kidsweek, in krante dy't eltse wike ferskynt. Dy is ek yn braille.' Brailleboeken fynst trouwens net yn de bibleteek. 'Dy hellel ús mem fia Passend Lezen. Dat is in soarte fan byb foar minsken dy't min sjogge of blyn binne. Sy ha in hiel soad braille- en harkboeken.'

Meardere boeken

Ast in brailleboek bestelst, moastst net frjemd opsjen as de postbesoarger ynienen mei in hiele doaze op de stoepe stiet. 'In brailleboek is grutter, want de



bledsiden binne troch de puntsjes folle dikker', leit Sophie út. 'In brailleboek bestiet dêrom út meardere losse boeken, dy't tegearre ien ferhaal foarmje!'



WALNÚT

WALNÚT

Nederlânsk:

Walnoot

Latyn:

Juglans regia

Wa fan jim hat in nutebeam op it hiem dêr't walnoten oan groeie? As jimme sa'n beam ha, dan witsto dat de nuten yn dizze moanne fan de beam falle. Se binne grien/brún fan bûten en ast gelok hast dan falle de nuten út 'e skyl. Dy skyl is nammentlik hiel smoarch. Krijst der hiele fize hannen fan ast de nút derút helje wol.

Sûn

Ast in dop fan in walnút iepenmakkest, dan sjochst oan beide kanten de nút sitten. Ast goed sjochst, dan lykje dizze helten wol op in skedel (ús holle) dy't iepen is. It binnenste, de nút, liket op de harsens. Omdat walnoten op harsens lykje, wurdt sein dat se ek goed foar de harsens binne om op te iten. Dat soe samar wier wêze kinne, want der sit omega-3 yn en dat hat in goed effekt op de wurking fan ús harsens. De walnút helpt ek om ús

bloed te suverjen en de lymfeklieren skjin te meitsjen. Dyn lymfeklieren sitte yn dyn hals, earmsholten (oksels) en de lys. Dizze klieren binne in opslachplak foar sellen dy't ús liif beskermje tsjin skealike stoffen sa as in firus of baktearje.

Miggen hâlde net fan de walnút en dêrom kinst ûnder in walnúttebeam hearlik sitte sûnder lêst te hawwen fan ferfelende ynsekten.

Nifelje

Ast in walnút opiten hast, is it aardich om fan de twa helten fan de dop in boatsje te meitsjen. Nim in lúsjefershoutsje en snij dat yn stikjes. Lymje ien stikje foar op de walnút en set it oare stikje omheech. Meitsje fan in stikje papier in syltsje en plak dat op it oare oerein steande houtsjie. Ast it net hielendal snapst, sjoch dan goed nei de foto. Lis de boatsjes yn wetter en sjoch oft en hoefier't se farre wolle. Kinst der sels in wedstrydsje mei dwaan. Miskien stiet der noch in wettertafel by de beukers (kleuters)?



Resept

Fan walnoten kinst in lekker smarsel meitsje foar op in toastje.


Dit bist nedich:

- 100 gram walnoten
- 2 ytleppels sinneblompitten
- 1 goede skoat walnútte-oalje
- 5 sinnedrûge tomaten
- 1 skoatsje sitroensop
- In snufke sâlt en piper
- 2 tûkjes farske basilikum
- 5 tûkjes piterseelje

Hoe makkest it?

Doch earst de walnoten yn in blender en meitsje se fyn. Dan de sinneblompitten dertroch en de blender noch eefkes oansette. Dêrnei de yn stikjes sniene sinnedrûge tomaatsjes, basilikum en piterseelje derby en wer efkes de blender oan. Dêrnei dochst de walnútte-oalje en it sitroensop derby. Pas op, wês sunich mei sitroensop. Priuw hieltyd efkes oft der noch mear by moat. As lêste sâlt en piper nei eigen smaak tafoegje.

Selsmakke, lekker sûn en goed foar dyn harsens. Lekker ite!



No sa!

Wenje sûnder lúkse

Oan it wetter by Dronryp stiet in ferfallen hús. Foarich jier kaam it te keap. It waard sels de meast besjoene wenning fan 2022 op wenningwebsites Funda. Yntusken is it ferkocht.



Oan it wetter

It hús leit oan de Boalsserter Feart en it Van Harinxmakanaal. Fia dizze wetters koest út Ljouwert wei fia Wommels en Boalsert yn de Súdwesthoeke komme en oarsom.

165 jier lyn wenne hjir in brêgewachter dy't de klapbrêge betsjinne njonken it hús. Hy die de brêge iepen foar trekskûten. It âlde jaachpaad út 1649 kinst noch sjen. It is in smel paadsje by it wetter del dêr't hynders stapten om de skippen foarút te lûken.

It hús sa as it der no útsjocht.

It hús mei de flapbrêge yn 1858.

Gjin lúkse

Kinst der no allinnich mei in boat komme. Ast nei it húske giest, moatst in amer reinwetter brûke om troch te spielen. Der is ek gjin wifi, elektrisiteit of ferwaarming.

Dochs wie dat ôfhandich hús út 1855 in grutte hit op ynternet en wie it rap ferkocht. De lokaasje is neffens de makeler sa ynspirearjend dat de rest harren net útmakket.

As dit dyn hús wêze soe, wat soesto dêr dan dwaan?



Skriuwoopdracht nei it lêzen

1. Meitsje yn twa minuten in listke fan dingen dy'tst oerdei of nachts dwaan wolle soest yn of by dit hús, wylst der gjin wifi en elektrisiteit is. It mei alles wêze; leuk, spannend, eng...

2. Kies ien ding út dyn listke en meitsje in skets (rappe tekening) fan dizze aktiviteit.

3. Do en dyn skoudermaatsje fertelle inoar oer wat jim tekene ha en stelle fragen om in dúdlik byld te krijen fan wat der op de tekening stiet.

4. Skriuw in koart ferhaal of in gedicht oer de aktiviteit dy't jim bepraat hawwe. Kinst begjinne mei 'der wie ris..', 'yn myn hús..' of 'wolst it net leauwe..'

5. Miskien is der noch eefkes tiid om in pear ferhalen of gedichten fan oaren te hearen?

Doutzen skriuwt boek oer ferstoarne broerke



As in famyljelid fan dy slim siik wurdt, stiet dyn libben op 'e kop. En as hy of sy ek noch stjeret... Hoe moat it dan? Doutzen har broerke, Jitze Hylkema, ferstoar trije jier lyn, hy wie mar 10 jier âld. Doutzen wie doe 12. Se skriuwt deroer yn it boek *Onze band is nooit voorbij*.

Doutzen Hylkema út Drylts lit it boek sjen. Op de foarkant stiet in yllustraasje fan in figuer. Hy of sy stiet oan it begjin fan in trep, of in soarte fan brêge. Oan 'e ein sjochst in pear ljochten, as stjerren. 'Dy figuer bin ik, of in oarenien dy't achterbleaun is,' seit Doutzen. 'Oan 'e oare kant, by de stjerren, is dejinge dy't dea is. Hy is fuort, mar dochs is der noch ferbining. Sa fiel ik it ek. As ik yn it tsjuster fan 'e nacht in ljochte stjer skinen sjoch, dan tink ik oan Jitze. Ik sil him nea ferjitte.'

Grapjas

Jitze ferstoar op 27 jannewaris 2020 yn it sikehûs. Doutzen wie op skoalle doe't dat barde. Har broerke hie in tige

seldsume stofwisselingsssykte. Dêrom koe er net prate, rinne en ite. Hy siet yn in rolstoel, krige troch de noas sondefieding en hie in spraakkompjûter dy't er mei de eagen bestjoere koe. Dochts tinkt Doutzen foaral oan har broerke as in grutte grapjas: 'Wy neamden him altyd *Draak of Smiecht*,' laket Doutzen. 'Hy hie ús altiten by de poat.'

Alles is oars wurden sûnt Jitze syn dea, fertelt Doutzen. 'Wy misse de humor en gesellichkeit fan Jitze. It is stil yn hûs sûnder him. As ik him mis en fertrietlik bin, gean ik nei myn keamer en harkje ik nei muzyk.'

Doutzen hat ek in tip foar minsken dy't

ien kenne dy't in stjergefal meimakke hat. 'Bliuw deroer praten. Ek ast tinkst dat it net it goede momint is. Of te lang lyn. Stel gewoan in fraach. Doch foaral net oft it net bard is.'

Treast

Om har ferhaal op te skriuwen, gie Doutzen op in skriuwkamp fan twa dagen. Dat wie fan de *Stichting Nooit Voorbij*. It wie ûnder begelieding fan in psychologoach en mei fjouwer leeftiidsgenoaten dy't ek soks meimakke hiene. Dat har oantinkens yn it boek bewarre wurde jout Doutzen treast: 'Ik ha it foar Jitze en foar mysels skreaun. No leit it yn 'e kast. Ik kin it pakke wannear't ik wol.'

Ik lês...



op myn bêd



ûnder de trep




foar oan in húsdier



ûnder de tafel



op 'e bank



in pak hagelslach



tegearre mei



in stripboek



in artikel út in krante



in resept



yn de tún



op it húske



In eilân dat noch in bytsje fêstsit oan it fêstelân, as in losse tosk oan in triedsje, hjit in skiereilân. Op dit skiereilân stiet in fjoertoer, in hege grize, dy't nachts syn ljocht rûngean lit oer de lytse stêd oan see. Sa soarget er derfoar dat de skippen har net te pletter farre op de rots, dy't dêr sa ûnhandich leit yn 'e midden fan 'e baai. Sa soarget er derfoar dat de nacht wat minder tsjuster liket en it grutte lân, de wide see wat minder grut en wiid.

Yn it hûs neist de toer wennet de fjoertoerwachter Augustus mei syn dochter. In lyts túntsje ha se en in rotsich strantsje, dêr't altyd wol wat oanspielt. Eartiids sieten se dêr gauris de hiele jûn, wylst it ljocht fier boppe har hollen yn 'e rûnte draaide. Dan makke Augustus in fjurke en út 'e haven kamen boatsjes oanfarren mei

piraten deryn. Dy kamen dan om it fjoer hinne sitten, ieten roastere fisk en songen de hiele nacht. Drink- en fretlietsjes songen se, drôvige lietsjes fan ferlangen, mar ek hiele ferskriklike, oer de Geheimen fan 'e See, dêr't it famke tagelyk bang en bliid fan waard en dan meastal by har mem op 'e skurte krûpte.

Mar no komme der gjin piraten mear, en fjurkes makket har heit ek net mear.

As it skimert moat it ljocht al brâne. It famke stekt it altyd oan. Elke jûn klimt se by de ienensechstich treden op, makket in ferrustke doarke yn de linskap iepen, stekt de pit oan, wynt it meganyak op dat de lins yn 'e rûnte draaie lit, docht it doarke ticht en klear.

It wie swier wurk doe't se noch lytser wie, mar no binne har earms sterker wurden en har skonken klimme maklik

by de treden op en del, twa kear deis. Trije kear, as se de lúsjefers ferjit. Dat bart soms, en dan foetert har heit.

'It wurdt al tsjuster en it ljocht is noch net oan! Wat as der in skip ferdwaalt, bern, wat as it op 'e rotsen rint en it is myn skuld, of eins dines. Sjit op, nei boppen! Sil ik sels mar? Ik sil sels wol...' Hy komt al heal oerein.

'Ik gean dochs al,' mompelt it famke, en se krijt de lúsjefers út it laadsje. It doaske rattelt súntsjes, der sit noch mar ien yn.

Moarn lúsjefers keapje, tinkt se. Unthâlde.

Unthâlde is dreech, fynt it famke. Der sit altyd safolle yn har holle: ferskes, ferhalen, dingen dy't se leare moat, dingen dy't se ferjitte wol mar dy't dochs hieltyd weromkomme. As se wat ûnthâlde moat ferjit se it faak, en wat





se ferjitte wol ûnthâldt se mar hieltyd.

Se betinkt in trúkje wylst se by de treden opklimt. Wat moast se ek wer ûnthâlde? O ja, lúsjeferers. Yn har tinzen pakt se in doaske fol en leit dat op in taffeltsje yn 'e midden fan har holle. Mei in lyts lampke derby dat op it doaske skynt, dan is dat moarnier it earste wat se sjocht as se wekker wurdt. Hopet se. Watfoar lampke? Fan grien emalje mei in ôfsliten gouden rântsjie. Har mem hie eartiids sa'n lampke by har bêd. Dat is dan wer wat dat se eins ferjitte wol.

Betink in oar lampke, Lampke, seit se tsjin harsels. Want Lampke is ek har namme.

Eins hjit se Emilia. Mar dat hie ek de namme fan har mem west. En eartiids fûn har heit it lestich dat der altyd twa minsken opseagen as hy rôp en letter woe er de namme noait mear hearre. Dus neamt er har Lampke.

'Mar in ljocht bist net, Lampke,' seit er altyd, as se wat ferjit of ergens oer stroffelt, en meastal krekt mei hjit sop of sa.

Lampke klimt nei boppen mei it lêste lúsjeferersprikje. Se moat hiel foarsichtich wêze, hy mei net útgean foar't it ljocht oan is, want dan... Skipswrakken en in lilke heit. Wat slimmer wêze soe, wit se net.

Se draait de pit wat op en makket him in bytsje pluzich, sadat er goed flam slaan kin. Dan pakt se it

lúsjeferersprikje út it doaske en sjocht him strang oan.

'Doch dyn bêst! Ik mien it, hear! Oars...'

Oars wat? Wat soe in lúsjeferersprikje it alderslimste fine? Utwaaie? Midstroch brutsen wurde? Nee, se wit it al.

'Oars smyt ik dy yn see,' flústert se. 'Wurdst sa wiet datst noait wer brâne silst.' Oant er fansels oanspielt... Ergens op in hjit strân en oprûgje soe yn 'e sinne en...

'Lampke!' De stim fan har heit klinkt noch altyd lûd, al komt er fan ienensechstich treden djip. 'It ljocht! NO!'


Meastal sliept er al lang om dizze tiid, snoarkjend yn syn stoel. Mar krekt jûn net. Se strykt it lúsjeferersprikje ôf. In fonkje fan neat. Nochris. No ferskynt der in kreas flamke en de geur fan swevel komt mei. Moai sa. Se makket in komke fan har oare hân en bringt se tegearre nei de pit. Toe mar! De flam wifelet eefkes en wurdt dan grutter.

*'Flamke, flamke gean mar oan.
Drink mar traan en fret mar katoen,'*

sjongt se sa'n bytsje, wylst se yn it felle ljocht sjocht. Se hie wat in knoop yn 'e mage, mar dy is no los.

Doarke ticht, meganyak opwine, klear. 'Lúsjeferers, lúsjeferers,' nûndert se as se wer by de treden del rint. Net ferjitte.

Mar se ferjit it dochs.



Do hast no it earste haadstik fan it boek *Lampke* lêzen. Wolst witte hoe't dit ferhaal fierder giet? Freegje master of juf oft jim it boek miskien op skoalle hawwe. Oars kinst it by de boekhandel keapje of liene by de byb.

NEI IT LÊZEN

1. *Lampke wennet mei har heit op in skiereilân. Wat is in skiereilân?*

- a. In eilân datst net goed sjen kinst fan de kust ôf
- b. In eilân dat mei in brêge ferbûn is oan it fêstelân
- c. In eilân dat noch in bytsje fêstsit oan it fêstelân

2. *Lampke har heit is fjoertoerwachter. Wat is syn namme?*

- a. Julius
- b. Augustus
- c. Quintus

3. *Wannear moat it ljocht fan de fjoertoer brâne?*

- a. As it skimert moat it ljocht al brâne
- b. Jûns nei iten moat it ljocht al brâne
- c. Foar tolve oere nachts moat it ljocht brâne

No't we alwer yn de hjerst fan it jier sitte, is it dé tiid om lekker mei in boek op de bank te krûpen. Gelokkich krije we mei de Berneboekewike ek wer allegear tips en is der dêrmei genôch leuks te lêzen. Tsjil Tsjekt sit dizze moanne ek fol boeken en lêswille. Raynaud kin al ús fragen dêroer beäntwurdzje.



1 Fertel, wêr giet Tsjil Tsjekt dizze kear oer?



'Tsjil Tsjekt giet dizze moanne oer de Berneboekewike. Oer boeken, oer lêze en oer hoe leuk dat wol net is. It tema fan de Berneboekewike dit jier is 'Bij mij thuis'. Yn Tsjil Tsjekt hawwe we it hjiroer en stelle we jimme klasse leuke fragen oer de Berneboekewike.'

2 Is lêze net in bytsje âlderwetsk?

'Lêze is hiel belangryk fyn ik. En ek al komme der hieltyd nije en oare middelen by, lêze bliuwt belangryk. Omrop Fryslân Tsjil makket no ek podcasts. Hast dy alris harke? Se stean op ús YouTube-kanaal. Ferline skoaljier hawwe wy in podcast makke oer AI, oftewol artificial intelligence (keunstmjittige yntelliginsje). Apparaten wurde hieltyd tûker en helpe ús dus, mar lêze sil nea hielendal ferdwine.'



3 Bisto sels in soad oan it lêzen?

'Thús bin ik in hiel soad oan it foarlêzen. Myn soantsje fynt it prachtich, dus we lêze alle dagen wol meardere boeken. Sels lêze doch ik foaral ek om te learen, om te witten hoe't it wurket of hoe't it moat. Lêze is dus net allinne hiel leuk, mar ek súper handich en learsum.'



4 Wat fynst dan fan boeken dy't ferfilme wurde?



'Ik fyn dat wol hiel leuk. Troch bygelyks de Harry Potter-films waard ik nijsgjirrich nei de boeken, dy haw ik dêrnei dus lêzen. Dêroer sprutsen, wisten jim wol dat der no ek in Frysk boek ferfilme wurdt? En ús eigen Tjits fan de Tjits Floch spilet dêryn mei. Hâld har YouTube-kanaal yn 'e gaten, dan witst eksakt wannear't er útkomt!'

5 Kinste lêze yn meardere talen?

'By my is dat itselde as prate, ik kin dat yn it Nederlânsk, Frysk, Ingelsk en Dútsk. Foar myn wurk is it ek belangryk om dat te kinnen, om't ik in soad sjongteksten leare moat. Oer sjonge sprutsen. De oanmelddatum foar Sjong junior komt hieltyd tichteby... Kommend jier is der wer in nije edysje en ik soe it geweldich, machtich en hartstikke bysûnder fine as jim meidogge. Kin ik op jim rekkenje?'



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!

In opmerklik ferhaal: fûgel dy't útstoarn like, is der wer



In fûgel yn Nij Seelân dêr't se fan tochten dat er útstoarn wie, is werom. De Takahe-fûgel like yn 1898 útstoarn. Dochs waard de fûgel, dy't trouwens net fleane kin, yn 1948 wer ûntdutsen op it Sudereilân fan Nij Seelân. Doe ha se aaien fan de fûgel sammele en jierrenlang op in beskermde plak pykjies grutbrocht. Yn 2016 wiene der 200 fûgels fan dizze soart. Stadichoan komt der wer in moaie groep fan. It bysûndere is dat dizze fûgels ek al yn de prehistoarje libben. Hoe't de Takahe der útsjocht of mear witte? Sykje op 'Zuidereilandtakahe' yn bygelyks Wikipedia.

In wûnderlik ferhaal: in ferlerne earring



Is it in sterk ferhaal? Fisker Henk Kuiper fan Den Oever rekke om it jier 2000 hinne syn gouden earring kwyt doe't er op in fiskersskip, de WR70, oan't wurk wie. Nea wer weromfûn fansels. Oant dit jier, want doe fûn in fisker dy't by Teksel oan it fisken wie in gouden earring tusken de fisken. Op de ring stie noch dúdlik de letters WR en in 7. De fiskers konkludearren dat it in ring fan in fisker út Wieringen wêze moast. Fia Facebook is Henk Kuiper yn byld kommen. It blykt yndied de earring fan Henk Kuiper te wêzen. Henk hat syn earring fansels ophelle en kin in hiel moai ferhaal derby fertelle!

In healwiis ferhaal:

antyky byld stikken troch in selfie

In Dútske influencer wie mei 16 freonen yn Viggiù yn Noard-Italië. Se wiene yn in filla. Yn de tún steane antike bylden en fonteinen. Doe't se in selfie meitsje woene by ien fan de bylden yn in fontein, gong it mis troch in dom grapke fan ien fan de groep en foelen se om mei it byld. It byld wie oan gruzeleminten en ek de fontein hat flinke skea. De eigener rûst de skea op twahûnderttûzen euro. De influencer en syn freonen wolle mar twahûndert euro betelje. Hoe sil dit ôfrinne?



In nijsgjirrich ferhaal: oerwalfisk wie miskien it grutste bist dat ooit libbe

Yn Peru binne resten opgroeven fan in walfisk dy't 39 miljoen jier libbe hat. It bist mei de wittenskiplike namme *Perucetus colossus* wie miskien mear as 20 meter lang en wol mear as 300.000 kilo. As dat werklik wier is, wie der it grutste en swierste bist dat ooit libbe hat.



In moai ferhaal yn de natuer: bever by Drachten?

Fryslân blykt in tredde bever ryk te wêzen. Fretspoaren lykje it bewiis te leverjen dat by yndustrygebiet De Haven by Drachten in bever libbet. Yn it gebiet fynst in soad beammen oan it wetter. In ideale omjouwing foar in bever.



Ideeën foar in spannend ferhaal? De terphûn en de wolf



Der is de lêste jierren hieltyd wat te rêden om de wolf. De wolf is werom yn ús lân. De ien fynt dat super, mar de oar sjocht de skea oan it fee en wol de wolf hielendal ferjeie. Hoe diene minsken dat yn de midsiuwen? In soad boeren op de Fryske terpen hiene in spesjale hûn dy't



minsken en fee beskermje koe tsjin wolven. Lês it stikje mar ris op de webside fan it Frysk Museum. Miskien jout it dy ideeën om sels in spannend ferhaal te skriuwen?

In eng ferhaal: wjirm yn de holle



In frou yn Australië hie al jierren problemen mei har sûnens. Nei in MRI-scan tochten dokters sels oan in harsentumor. In operaasje folge yn in sikehûs yn Canberra. De sjirurgen seagen hiel raar op doe't se in wjirm fan 8 sintimeter by de harsens fûnen en derút helje moasten. It giet no folle better mei de frou. De dokter fan de frou kin gjin gefal heuge dat der sa'n grutte wjirm fûn waard yn de holle fan in minske. Gewoanlik komt de wjirm foar yn pytonslangen. Mooglik sieten der aaike op griente dy't de frou yn it wyld plôke hat. Dy hat se dus net goed genôch skjinmakke foardat se it iten hat. No gjin nachtmerjes krije hear, soks komt dus gelokkich hast nea foar!

In kletsferhaaltsje? Hoefolle moastst rinne om sûn te wurden en te bliuwen?

Hearst tsjintwurdich geregeld oer dat je alle dagen in soad rinne moatte foar je sûnens. Kletspraat of echt wier: alle dagen in ein rinne? It liket wier te wêzen. Hurdrinne is net nedich of miskien sels net sa sûn. Gewoan kuierje wol. Mar hoefolle eins? Neffens ûndersikers moastst alle dagen opteld sa'n 8000 stappen sette. No dat sil in soad telwurk jaan, of dochs in stappeteller(-app) brûke?



Keunster yn dy



Wat in keunstner docht is:

- ▶ oars sjen
- ▶ doare te fielen
- ▶ helder tinke
- ▶ gewoan begjinne te meitsjen



- ▶ Der is gjin fêste folchoarder
- ▶ Kies wêr'tsto begjinne wolst
- ▶ Wês net bang datst net kreatyf bist
- ▶ Kreativiteit en fantasij dat binne spieren, en dy kinst traine!

Dyn eigen lichemstaal

⇒ Braille is in lêse- en skriuwalfabet spesjaal ûntwikkele foar minsken dy't blyn binne of min sjogge. It wurket mei puntsjes en kin fia de fingertopkes mei gefoel lêzen wurde.

⇒ Op hokker oare wize soene wy wurden en letters oerbringe kinne?



⇒ Taal bestiet út wurden en letters. Gewoanwei kinst dy wurden opskriuwe mar yn de ûndersteande opdracht byldst se út. Dêr brûkst dizze kear dyn hiele lichem foar. It wurdt dus letterlik lichemstaal! Kinste in alfabet útbyldzje mei dyn lichem?

a a A a a A a a a a a a a a a a

Undersykje boppesteande fraach ris op de folgjende wize:

Oars sjen

Hoe sjogge de letters fan dyn namme derút? As lytse letter, as blokletter of as haadletter? Rûn, hoekich, puntich, rjocht, bûgd? Wat soest fan in letter meitsje kinne mei wat fantasy?

⇒ Tekenje en skriuw de letters fan dyn foarnamme op ferskate wizen ris op papier. Meist fan alles besykje!

Doare te fielen

Sprek dyn namme in pear kear út. Lûd, sêft, flústerjend. Hokker gefoel krijste dêrby? En no de letters ôfsûnderlik. Binne der fleurige, boaze, leave of sêfte letters?

⇒ Besykje en bepraat dit ris mei dyn skoudermaatsje. Skriuw dêrnei dyn assosjaasjes op dyn bledsje by dyn letters.

Helder tinke

Lichemstaal, wat is dat? Hoe kinst mei dyn lichem letters en klanken ferbyldzje? Tink oan de klanken dy't wy brûke by de letters en hoe'tst dy sjen litte kinst mei dyn lichem. Guon letters klinke hiel dúdlik, oaren slikt gau yn. Guon letters klinke lang en guon koart. Hoe soe dat der útsjen?

⇒ Tekenje op in papier de letter en de beweging dy't derby heart. Of better noch, besykje ris efkes út.

Gewoan mar meitsje

Hast no op ferskate wizen dingen sammele. Sjoen, field en tocht. No sille wy meitsje. Sjoch yn twa- of trijetallen ris nei alles watst sammele hast oer de letters yn jimme nammen. Hokker beweging kinst dêr mei dyn lichem by meitsje?

Tip → Meitsje net allinnich logyske bewegingen. Tink oan heech/leech, op 'e grûn, rûndraaiend, springend. Of krekt in hiel lyts beweginkje mei in pink foar de noas. Besykje earst dyn foarnamme. As dy foarnamme slagge is, kinst dyn efternamme

derby nimme. Hjirnei kinst foar alle letters oan 'e gong. Fan A oant Z, meitsje dyn eigen lichemstaal ôf! Besykje of in oar 'lêze' kin watst mei dyn lichem skriuwst.

It papierfiskje

Papierfiskjes binne gjin fisken dy't yn it wetter libje mar lytse ynsekten mei seis poatsjes. Troch de moaie glânzjende skobben lykje se op fiskjes.

Se binne net sa grut, sa'n 1,5 sintimeter. Se lykje tige op sulverfiskjes, mar dy binne faak krekt wat lytser en by it papierfiskje binne de sturten like lang as it lichem. It sulverfiskje hat koartere sturten en is wat ljochter fan kleur as it papierfiskje. Kinst se it hiele jier troch en oeral yn Fryslân tsjinkomme.

Minsken hoege net benaud te wêzen foar papierfiskjes, se binne benauder foar dy asto foar harren stiest en se ferskûlje har graach op donkere plakjes.



It sulverfiskje

De namme seit it al in bytsje, se meie graach papier ite. Se ite it boppelaachje fan papier, en as der tekst op stiet ite se dat ek op. Boeken binne meastal wol feilich, de siden sitte sa stiif tsjininoar dat se der net tusken kinne. Mar doazen of mappen mei losse papieren foarmje in prima restaurant. In skoftke sûnder papier is foar in papierfiskje net sa slim want hy kin it sa'n trijehûndert dagen úthâlde sûnder iten!



It papierfiskje

Bûten de doar hâlde?

It gemeente-argyf fan Tytsjerksteradiel hat alris te krijen hân mei in 'papierfiskjespleach'. Kinst dy foarstelle dat se dizze bistkes leaver net yn harren argyf hiene, fol papieren, mappen en kaarten.

Ast net wolst dat dizze bistkes dyn papieren opite, dan kinst mei in pear simpele maatregels besykje se bûten de doar te hâlden:

1. Fentilearje

Troch goed te fentilearjen giet de luchtfochtichheid omleech en drûge lucht fine se hielendal net noflik. Dus as it kin, set de ruten dan iepen.

2. Temperatuer omleech

Se hâlde net fan kjeld. Under de 20 graden komme de aikes net mear út en ûnder de 18 graden kin it papierfiskje him net mear goed ûntwikkelje. Besykje de temperatuer bygelyks op souder en yn keamers dy't je net in soad brûke dus leech te hâlden. Dat skeelt ek yn de stookkosten en dat is yn dizze tiid moai meinaam.

3. Goed opberchje

Jou ekstra omtinken oan steapels kranten en tydskriften. Dy opbergje yn folslein ôfsletten bakken foarkomt dat de papierfiskjes derby kinne.

Hundert aikes?!

Froulike papierfiskjes lizze sawat hûndert aikes yn har libben. De aikes binne rûn, wyt en ûngefear 1 milimeter grut. Se wurde yn groepkes fan maksimaal trije aikes tagelyk lein. Dizze aikes komme yn seis wiken tiid út. Lytse papierfiskjes sjogge der itselde út as folwoeksene, allinnich binne sy noch wyt fan kleur. Yn fjouwer oant seis wiken krije se de folwoeksen kleur. Folwoeksen papierfiskjes kinne twa oant acht jier âld wurde. Se bliuwe har hiele libben ferfeljen, wat útsûnderlik is foar ynsekten. Ek ite se swakkere soartgenoaten en ferfelde hûd op.

Puzelside

Yn dizze Tsjil stiet in puzel dy't fansels hielendal by de berneboekewike past. De oplossing fan de puzel meist foar 1 novimber maile nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje en wa wit winsto in priis!

Sukses!

Trochstreekpuzel

E	-	L	Ê	Z	E	R	S	U	P	E	R	H	E	L	D
P	M	A	B	G	H	A	A	D	P	E	R	S	O	A	N
I	E	M	L	R	B	O	E	K	E	L	I	Z	Z	E	R
N	A	P	E	Y	L	L	U	S	T	R	A	A	S	J	E
N	R	K	D	S	T	B	L	S	J	E	N	R	E	I	Z
E	K	E	S	J	R	I	Ê	F	I	K	S	J	E	E	L
Û	E	F	I	U	I	O	S	D	S	T	R	I	P	E	B
R	N	Ú	D	E	L	G	W	I	F	A	F	B	D	H	I
S	H	T	E	R	O	R	E	K	E	T	E	O	E	I	B
K	A	J	K	Y	G	A	D	T	R	H	R	E	T	S	L
R	A	O	A	N	Y	F	S	E	H	R	T	K	E	T	I
I	D	U	F	H	O	Y	T	E	A	I	E	E	K	O	O
U	S	W	T	A	M	P	R	A	A	L	L	K	T	A	T
W	T	E	B	E	G	J	I	N	L	L	L	A	I	R	E
E	I	R	S	A	M	L	I	N	G	E	E	S	V	J	E
R	K	R	I	I	C	H	D	L	G	R	R	T	E	E	K

Begjin	E-Lêzer	Kriich	Sjuery
Biblioteek	Ferhaal	Lampke	Skriuwer
Biografy	Ferteller	Lêswedstriid	Strip
Bledside	Fiksje	Mearke	Superheld
Boekekast	Haadpersoan	Mystearje	Thriller
Boekelizzer	Haadstik	Pinne	Trilogy
Detektive	Histoarje	Samling	Yllustraasje
Diktee	Kaft	Sjenre	Útjouwer
			Úntknoping

Rie-ra-riedsels

1. Hokker kat wennet yn de biblioteek?
2. Ik begjin eltse sin, ried ris wat ik bin?
3. Wat begjint mei in T, einiget mei in T en sit der fol mei?

1. de katalogus, 2. in haadletter, 3. in teepot

Antwurd:



Sudoku

	1	7		4	2	6	3	
2				8				5
9		8		3			7	
4			3	1		5		
8	7		6					3
	5			8		1	4	6
6			1	9		7	2	
	4			7				
7		3	4		5		6	1

De priiswinner fan de lêste puzel is:

Mats Bouwhuis út groep 6 fan It Finster yn Warkum. Fan herte lokwinske Mats!

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Lanterfanterje**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

WA'T SKRIUWT, DY BLIUWT!

